

De parrebeam

wurden: © Doede Veeman

wize: iersk tradysjoneel: The Frieze Breeches

6/8 maat, elts symboal is 3/8

ik kaam om in par dêr ûnder dy parrebeam D / / C
doe seach ik har dêr D / / A7
makke myn kar dêr D / / C
yn it hôf fan dûmny D A7 D /

kearsang: dûmny kin it sa moai fertelle D / C /
dûmny seit altyd: pas op Jelle D / / A7
ast it ferkeard dochst komst yn de hel D / C /
ja, dat seit ús dûmny D A7 D /
+ tuskenspultsje: D C / /
C D / /
D C / /
D A7 D /

ik joech my der by dêr ûnder dy parrebeam
hja tute my dêr.....
wat in gefrij dêr
yn it hôf fan dûmny

kearsang:

ik kaam der hjoed wer dêr ûnder dy parrebeam
seach ik har wer dêr.....
wat seach ik dêr dêr.....
yn it hôf fan dûmny

kearsang:

dêr tusken har skuon, dêr ûnder dy parrebeam
wiene noch guon dêr.....
swarte skuon dêr.....
yn it hôf fan dûmny

kearsang: dûmny kin my noch mear fertelle
mei syn geseur fan: pas op Jelle
foar myn part rint er nei de hel
krekt in plak foar dûmny!